omrop fryslân

Postbus 7600
8903 JP Ljouwert/Leeuwarden

Zuiderkruisweg 2
8938 AP Ljouwert/Leeuwarden

Telefoan (058) 299 77 99
Faks (058) 299 77 00

www.omropfryslan.nl

Feriening Frysk Underwiis
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Briefnûmer: 050113.02

Datum : 13 jannewaris 2005

Underwerp : taalnoarm Omrop Fryslan

Achte Hiemstra,

Tank foar jo brief fan 2 desimber ll., mei jo reaksje op myn bydrage yn it maart-nûmer fan "Each en Ear".

Jo bringe hiel wat saken op it aljemint. Mei guon opmerkings bin ik it wol iens, op oare punten ha ik in oare miening. Ik ha besocht dat op de jûn fan de Bewegingsried noch ris ta te ljochtsjen. Ik leau net dat it doel hat om skriftlik wiidweidich op jo opmerkings yn te gean. Ek sjoch ik net folle heil yn in 'iepen petear' mei de FFU oer ditsoarte saken.
It taalbelied by de Omrop is net statysk mar aloan yn beweging, en basearre op in tal útgongspunten. Dy binne opsteld yn oparbeidzjen mei saakkundigen op dit mêd, fan binnen en bûten de Omrop. Ien en oar is fêststeld troch haadredaksje en bestjoer en hat ek de ynstimming fan de Ried fan Offeardigen, it orgaan dat neffens de Mediawet ferantwurdlik foar de fêststelling fan it programmabelied is.

It is ús der net om te dwaan dat elk yn Fryslân it mei ús opstelling iens is, de FFU kin der best oars oer tinke. Foarlopich ha wy de hannen fol oan it stal jaan oan ús ambysjes mei it Frysk taalgebrûk. De foarbylden dêr't jo mei komme, - ik wit der noch folle mear-, jouwe oan dat wy der noch lang net binne. Der is yndied noch hiel wat te ferbetterjen en jo kinne der fan op oan dat de Omrop der serieus mei dwaande is.

Graach woe ik de FFU sukses tawinskje mei har haadtaak, nei ik oannim is dat it ferbetterjen fan it Frysk yn it ûnderwiis. Dêr sil op termyn de Omrop ek baat by hawwe.

Freonlik groetsjend,
Omrop Fryslân

Rein Tolsma
Adjunkt-haadredakteur

PS : ús stylboek is net "geheim" mar foar yntern gebrûk. Ik ha de meidoggers ek gjin tastimming frege foar publikaasje. Om't jo der grutte belangstelling foar ha, hjirby in eksimplaar. Mei it fersyk dat net sûnder tastimming fierder út te suteljen.

De Stichting is ynskreaun by K.f.K. yn it Handelsregister ûnder nûmer 01066931
en yn it Stichtingsregister ûnder nûmer 41003003. BTW nûmer 0089.16.883 B01

Bankrelaasje
Friesland Bank nû. 29.60.00.930